De gemeenterie fan 't Bilt,
de gemeenterie fan Frjentsjerteradiel,
de gemeenterie fan Menameradiel.

Bitgummole, 4-de fan maaiemoanne, 2014

Achtbere rieden,

Immen sil okkerjiers de namme Westergo betocht hawwe foar de grutte, takomstige, noardwesthoekster gemeente. Twa fan jim trijen wie dy wol goed. Yn Stannebuurt prakkesearre de tredde der oars oer: Noardwest-Fryslân wie in bettere namme. Mar neffens de boargemaster hiene Frjentsjer en Menaam de nammeslach al wûn. Likegoed is der ien en oar tsjin Westergo yn te lizzen. 1. Histoarysk besjoen doocht de namme fan gjin kanten. Neffens de taheakke side 685 út J.H.Brouwer e.o., Ensyklopedy fan Fryslân (Elsevier, Amsterdam/Brussel, 1958) lei 't Bilt om 1400 hinne noch op 'e boaiem fan de Middelsee. 2. Destiden omfieme Westergo net allinnich Frjentsjerteradiel en Menameradiel, mar ek Wûnzeradiel en Wymbritseradiel. De gemeente kaam hielendal oan de Sudersee ta.

Yn it suden fan ús lân hie immen de namme De Friesche Meeren betocht foar de kombinaasje fan Lemsterlân, Gaasterlân-Sleat en Skarsterlân. Alle trije rieden akkoarten mei dy foarriedige namme, dy 'wurk'namme. Mar wat har der net by ferteld wie en wat se sadwaande net wisten: dy tydlike namme kaam wól as de offisjéle namme yn de weryndielingswet te stean en foar de rie fan de doe noch takomstige gemeente soe in oare, duorjende namme in djoerabele saak wurde. Jim hawwe lêze kinnen, dat út de 'wurk'namme in hiele striid fuortkommen is dy't op de 23-ste april yn de Jouster riedseale besljochte is: Fan 1 july 2015 ôf sil De Fryske Marren de duorjende namme wêze.

De nijste gemeentlike ferkaveling fan ús lân is mei Súdwest-Fryslân yn de súdwesthoeke en Fryske Marren -op 't heden noch Friesche Meeren- yn it suden fan ús lân begûn. Beide eigentalige nammen passe yn it al jierren geande oergongsproses fan hollânske nei Fryske ierdrykskundige nammen. (yn 1950 kaam it Sweachster kolleezje yn de rie mei syn Nieuw Beets, der't de rie fuort Nij Beets fan makke).

De namme Westergo yn ús noardwesthoeke is histoarysk mis, past net yn de al jierren geande taaloergong yn de nammen fan lân, wetter, (fúzje)gemeente, doarp en strjitte, rint út op in taalstriid dêr't nimmen ferlet fan hat, tinkt my, én jaget ús nije gemeente op hege kosten as de nije rie der in eigentalige namme foar yn 't plak hawwe wolle soe. Ik stel jim sadwaande út om in oare namme te betinken dy't past yn dizze tiid, en de nije gemeente in taalstriid en in slompe jild besparret. Hokfoar nije namme?

Us sprake is in stik(je) kulturele rykdom. En de beskerming fan ús taal draacht by oan it bewarjen en de ûntjouwing fan dy kulturele rykdom yn Nederlân. En in eigentalige ierdrykskundige namme komt ús taal te'n goede. Regear en beide Keamers hawwe dêr foar tekene. By de gemeentlike ferkaveling fan ús noardwesthoeke mei it nivo fan de taalrjochten fan de Menameradielsters net sakje. Sa stiet it yn it Hânfêst beskreaun. Sadwaande komme Menameradielsters mei har eigentalige gemeentenamme yn 2018 yn in gemeente mei in Frysktalige namme. Oer in hollânske namme hoecht net mear praat en tsierd te wurden.

Westergoa komt in taalstriid tefoarren, besparret ús allegearre gâns jild, strykt net mei it Hânfêst en is like fantasijeleas as Westergo en histoarysk fansels like mis as Westergo. Noardwest-Fryslân -samar en binnen in kertier (!) yn it Stannebuurtster gemeentehûs betocht- is ierdrykskundich helte better, mar de rige fan Súdwest-Fryslân, Noardwest-Fryslân, Noardeast-Fryslân en Súdeast-Fryslân soe wat fan New York hawwe mei syn first, second, third, fourth, fifth... avenues. Yn de Bildtse Post haw ik wolris yn 'e pleit west foar Peinzeradiel, neamd nei it doarp Peins by Frjentsjer. Yndertiden is Wûnzeradiel sa neamd nei it lytse Wûns en hat Tsjerk Jehannes de Jong fan Skillaard Littenzeradiel betocht -nei Easterlittens en Westerlittens. Jan Schotanus fan Easterwierrum hie de grutte gemeente yn de súdwesthoeke Warnzeradiel neamd hawwe wollen, nei it doarp Warns yn it eardere Nijefurd.

Ik fersykje jim om foar Westergo in bettere namme te betinken.

Mei alle achtinge fan in ienfâldige Bitgummoolster,

Bertus Jans Postma
It Bosklân 15
9045 PV

